


6-3-982

# 'T SKIEPPE~ STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

6e Jiergong

"IT SKIEPPESTURTSJE" Nû. 3

REDAKSJE: Sytske Dijkstra-Bouwhuis, tel. 2968  
Richt Speerstra-Bakker, " 2635  
Rients van Buren, " 9280  
Marten Kikstra, " 9269  
Jan Dijkstra, " 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dijkstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Wergea

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; giro nr. 856.829 t.n.v.  
Rabobank Bolsward, rek. nr. 3087.56.800 t.g.v.  
It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

---

### FOARWURD

Achte lêzers,

Fan 'e blommen op 'e grûn,  
Fan 'e flear- en nageltûken,  
Fan 'e greiden fier yn 't rûn,  
Komt in swiete wierek rûken,  
Krekt as wie 't, krekt as wie 't,  
Dat Natuer in tankfeest fierst.

De simmer stiet wer foar de doar. Faak ha we troch ús jachtich libben gjin each mear foar alles, wat dizze moaië tiid ús te bidden-hât.

De boeren hawwe in drok skoftsje efter de réch. Mei troch de waarmte, hat it hiel wat switdrippem koste, mar men kin tefreden wêze en werom sjen op in groeisume maitiid mei in protte moai wûn foar. Reden te oer om it "Heamielfeest" te fierien; de rys mei rezynen binne wol fertsinne!

Feest wie it èk yn in protte húshâldens fanwegen it slagjen fan soan of dochter. Oan al dyjingen ús lokwinsken!

Lokwinsken ek foar de famylje Schakel oan 'e Sylroede, wer't it dûbel feest wié en foar ús doarpshûs-behearderspear, dy't, krekt by 't "ter perse gean" fan ús krantsje, in famke tabetroud kriegen.

- Us Skieppesturtsje komt al wer 5 jier by jo yn 'e bus; âld en fertroud.

Wy, as redaksje, soene sa súntsjes oan wol ris op in oare luftiger toer wolle.

Mar ..... dêr ha we de apparatuur òn it jild net foar. We hiene tocht oan in "ôftaaster" (wermei jo tekeningen en printsjes oernimme kinne) en in oare stinselmasine. We hawwe gjin tûzenden nedich, mar in steuntsje yn 'e râch soene we tige op priis stelle! .....

- Diè minsk, werfoar it weilein is om, sa't ús doarpsomropper it betitelt, "de paden op en de lanen in" te gean, winskje we folle nocht ta, om mar wer mei in oare "kwieke" doarpsgenoat mei te praten "gezond en uitgerust" werom te kommen.

Sûnenis winskje we ek ús redaksjelid Sytske Dykstra. We hoopje har wer gau yn ús fermidden te hawwen.

Tank foar jo kopy. Nijs foar ús, wa wit, dàn al "luftiger" skieppesturtsje, kinne jo ynstjoere fcar 15 augustus.

In protte lêsgenot tawinske troch ús allegear.

Richtsje.

-&-&-&-

LEREN LEZEN EN SCHRIJVEN? DAT KAN .... OOK IN

WONSERADEEL.

Mensen die wèl kunnen lezen en schrijven denken vaak, dat analfabetisme bijna niet meer voorkomt in Nederland. Er is immers een leerplicht en er zijn verschillende soorten schooltypen, waar een ieder kan leren lezen en schrijven.

Toch zijn er in deze tijd nog volwassenen, die niet kunnen lezen en/of schrijven. Hier zijn verschillende oorzaken voor, zoals: veel ziekteverzuim, veel verhuizingen, oorlogsomstandigheden, de school die niet goed aansloot bij de persoonlijkheid van de leerling, het niet op tijd signaleren van stoornissen zoals b.v. het niet goed kunnen horen of zien, en nog vele andere oorzaken.

De laatste jaren besteden kranten, radio en t.v. meer aandacht aan analfabetisme. In heel Nederland zijn alfabetiseringsprojekten opgezet, waardoor volwassenen alsnog de mogelijkheid krijgen om te leren lezen en schrijven.

Ook in Wonseradeel is zo'n project van start gegaan. Mensen in onze gemeente van 18 jaar en ouder, die niet of nauwelijks kunnen lezen en/of schrijven en die hierin verandering willen brengen, kunnen zich aanmelden voor lees- en schrijflessen. Aan het volgen van deze lessen zijn geen kosten verbonden.

Voordat de mensen de lessen gaan volgen, vindt er een kennismakingsgesprek plaats. In dit gesprek kan degene, die les wil gaan nemen, zijn of haar wensen naar voren brengen.

Deze wensen kunnen betrekking hebben op de plaats, de tijd en op hoe vaak de lessen zullen worden gegeven.

Ook kan naar voren komen, wat de lesnemer/neemster zelf wil leren, of hij/zij de lessen thuis wil laten plaatsvinden of juist niet, of de lesgever/geefster wel Fries moet kunnen spreken of juist niet, enz.

Kortom, het ligt in de bedoeling zoveel mogelijk rekening te houden met de wensen van de lesnemer/neemster zelf.

Mensen die niet kunnen lezen, kunnen dit bericht zelf niet lezen. We vragen daarom aan mensen uit hun directe omgeving, of ze dat, wat in dit bericht staat, willen doorgeven.

Aanmelden voor de alfabetiseringslessen kan op het volgende adres: Riet de Schepper, Oostend 30, Witmarsum.

Tel. 05175-1519.

Voor meer informatie kunt u zich wenden tot:

Jetty Plantinga, Trekweg 36, Parrega. Tel. 05157-9268.

## Berichten van de Dorpsomroeper

### Extra Glans:

Goede werken dienen nu eenmaal beloond te worden en dat is dan op die 28ste April j.l. geschiedt. Van de ene dag op de andere hadden wij er twee inwoners bij, die tot de adelstand werden verheven, te weten resp. de Heren F. Gietema en P. Zijsling, die echt meer hebben gedaan dan men van hen had mogen verwachten. Die in onze Dorpsgemeenschap op welk terrein ook en in welke functie dan ook een Voortrekkersrol hebben vervuld waar Pet en Hoed voor afgaan, zo'n Decoratie krijgt dan een Extra Glans, omdat zij voor beiden dubbel en dwars verdienstelijk zijn.

Ook vanaf deze plaats nogmaals van Harte Gefeliciteerd!

### Elfstedentocht 1982:

Weer een aantal van onze Dorpsgenoten heeft j.l. op die mooie 2de Pinksterdag weer de elfstedentocht door ons mooie Friesland gereden. Persoonlijk als Dorpsomroeper heb ik mij ook onder de Pedaleurs begeven maar dan als Zwartrijder in Franeker ben ik van de fiets gestapt en langs verschillende sluipwegen weer huiswaarts gekeerd. Bij leven en welzijn zou ik volgend jaar in Franeker kunnen beginnen en dan weer een paar steden er aan toe kunnen voegen en zo door de jaren haal ik misschien de resterende nog wel. Het was een ware belevenis zij die het Fr. Dagblad daarna hebben gelezen weten dat.

### Korte berichten:

- Dan is inmiddels het Kabinet van Agt III weer beëdigd en op de foto's in diverse Dagbladen tussen de Ministers in, kun je zeggen wat je wil maar wat stond Beatrix er weer netjes op in haar Nopjesjurk of niet soms.

- In D.Nieuws van ons buurdorp Exmorra een aantal weken geleden, kon je lezen dat de mensen daar nog geen glascontainer hebben zooals wij ons hier zeer terecht gelukkig mogen prijzen evenals het dorp Gaast er wel een geplaatst kregen.  
Wanhopig schreef men dan ook zeer terecht, waar moeten wij dan met onze lege Jenever flessen heen. Er gingen zelfs stemmen op uit de Plaatselijke bevolking om zelf af te standen en toe maar met de Preekheer Bronkhorst mee te ophalen, die n.l. in Gaast woont en er af en toe dienst leidt.
- Een plaatsgenoot die in zijn archieven veel van vroegere jaren zooals een groot aantal oude foto's van Dorpsgenoten, Kranteknipsels e.d. van Tjerkwerd bezit, liet mij dit schrijven toekomen, waarvoor hartelijk dank!  
Waarschijnlijk opgesteld door wijlen Master Siebe de Jong, Verslaggever oftewel Correspondent van het B.N. hier ter plaatse destijds.  
Hier volgt het:  
**Bolswards Nieuwsblad van 21-5-1948.**

Tsjerkwert, 15-4-48.

Hjoed is Tsjerkwert der aerdich op foarút gien, it hat wer in grientewinkel krige. De hear J. Sytsma hat syn winkel forkocht aan 'e hear Ferk Lolles Schakel dy't der in grientewinkel fan makke hat. De saek is hjoed iepene en de útstalling en fierdere ynhâld fan de winkel sjogge der tige kreas en oanlokkelik út.

Fan 'e moarn ieri waerd bakkerinne de Jong as eerste klant mei in flesse limenade foreard. It fanfarekorps "Eensgezindheid", dêr't Schakel lid fan west hat, brocht syn âld-lid mei dizze gelegenheit in serenade. De nije sakenman besjûge syn tank foar dy aerdige hulde, troch alle korpsleden hwt to drinken en te roken te jaen.

Fierder hie Schakel do tearfielde attehsje syn bêdelegerige doarpsgenoaten te forrassen méi in pûdtsje ierdbeyen en in pear sinasappels.

Wy hoopje dat it Schakel en syn saek goed gean mei  
ta great geriif fan 'e Tsjerkwerter húsfroulju.

|||||

### Wandelroute:

De banken op de Wandelroute zijn inmiddels ongevraagd door een bewoner van de Sylroede weer geplaatst. Waarvoor Hartelijk Dank! en door mij weer gelakt, dat ik zou deze berichten willen afsluiten met het Wonderbaarlijke mooie lied, dat de mensen vorig jaar in de Zeskamp er over Zongen en wel het volgende:

Minsken bliuw net sitten  
Doch de stappers mar oan  
As jim kinne der hinne  
Want it is der sa skoan.

De Hartelijke Groeten  
van de Dorpsomroeper.

&&&&&&&&

### Tsjerkwert hat trije ridders:

In froeger tiden hawwe der ridders yn Tsjerkwert húsmanne. Men kin it jin mar amper foarstelle hoe't him dat alle gearre ófspile hat. Krigartsje boartsje op "'t Ald Hiem" en rún de tsjerke?... De brêge ophelje by ûnrie??... Wy witte it juste der net fan. Séftsinne sil it der yn dy tiid wol net om tagien wêze.

As we sizze dat we no 3 ridders yn ús fermidden hawwe, sille der by in protte minsken rimpels yn 'e foarholle komme.

Mar lit ús jim fuort mar op jim gemak stelle; dizze trijekaart is lang sa kriichshaftich net as harren foarfaars.

De "aldste ridder", Harmen de Boer, droech iai langer dizze titel; him kin we ommers oars net as "rêstich" en "beskieden"?

De twa "nijbakken ridders" binne Pier Zysling en Fokke Gietema. Beide ek minsken dy't as freedsum bekend steane. De lêste wie dy titel ek hast oan syn stân ferplicht, want wer't no de famylje Gietema wènnest, stie iens it "Walsta-slot".

-Fjochte- ha dizze minsken op in hiel oar méed, nammentlik foar ús doarpssmienskip, mei ynset fan hiel harren hûd.

De lêste wike yn April hong der in frjemde sjeare yn ús doarp; geheimsinnich waard der dien. Elts prate oer wat men tocht dat der te barren stie. Wat in geheim bliuwe soe foar inkelden, waard in publyk geheim. Mar dochs it juste ..... Sels by it pleatslik winkelsintrum koe men net klear komme. Twa minsken dy't fan nèat wisten, wiene Pierzz en Fokke G....

We kinne ús wol sawat foarstelle hokker opmerkingen der fallen binne de lêste dei.

- Soest o mar net fan 't bêd; moarns let de hiele dei let!  
- Middeis wer: "Hoe later hier, hoe later daar!"  
"De knoop fan dyn nijste pak moat der ek mar ris oan. Wer is dy keard? Of soest oan in nij pak tawâze, je? In nij boesgroentsje moat der yn elts gefal komme. Hast hjoed net efkes tiid ...."

Woansdei-te-jûn is de úntknoping.

Op 'e Sylroede steane twa, mei blommen út eigen tún, útdoste "einen" klear om de weardige persoanen, mei harren froulju, fan hûs te heljen.

-Eensgezindheid stiet klear; de fläggen wapperje fleurich; boargemaster Abma en 'e vrou steane ek al yn pontifikaal klear; ús aller bekende doarpsomropper trunet alle doarpsbewenners oan om dochs mar neat fan dit alles té missen; de kofje rûkt yn 't Waltahûs; en elts wit no hoe't de foarke yn 'e stôk sit .....

Dàn de fleurige optocht troch de buorren, mei dernei in resepsje yn it Waltahûs. Dit, as huldeblyk foar harren ynset oan it doarp betoand.

Der hinget in noflike, üngedwongan sfear yn it Waltahûs,  
dat syn namme te tankjen hat oan 't "Waltatiidrek."

De foarsitter fan "Eensgezindheid" sketst yn it koart  
harren "reis" nei de keninginne" om ris te fernimmen  
oft Pier Zysling en Fokke Gietema miskien yn oanmerking  
komme kinne foar in underskieding yn 'e "Oarder fan  
Oranje Nassau." Soks moat al in jier fan tefoarenen  
anfrege wurde. Der moat hiel wat út 'e wei set wurde, om  
ien fan 'e 6000 lintsjes, dy't jierliks útrikt wurde,  
werfan 2500 op 30 april, yn 'e wacht te slepen.

De riddering stamt út 'e tiid fan Kening Willem I  
(1815). Men hie doe twa soarten ridderoarders,  
nammentlik de "Militaire Willems Oarder" en 'e  
"Oarder fan 'e Nederlânske Liuw."

Mar dizze underskiedingen wiene allinne fuortlein  
foar topfunkcionarissen en net foar de gewoane man.  
Yn 1892 kaam dêr feroaring yn. Fanôf dy tiid waard  
de underskieding yn 'e "Oarder fan Oranje Nassau"  
útrikt.

Pier Zysling hat in respektabele list fan fertsjinsten:

- \* Fanôf 1937 lid fant Eensgezindheid. Ja wis, 45 jier!  
Hjirfan wie er 10 jier skriuwer en 2 jier bestjoerslid.
- \* Fan 1953 - 1978 bestjoerslid fan Doarpsbelang, werfan 2 jier as skriuwer.
- \* Fanôf 1972 oant no, foarsitter fan 'e "Stichting It Waltahûs."
- \* Fan 1962 - 1981 hat er him ynset foar de Kulturele Kommisje.
- \* Fan 1942 - 1982 lid fan "Andante" yn Boalsert.
- \* 10 Jier ynfaller by de Skutterij yn Boalsert.
- \* In hiel skoft yn 'e "Iisklub" sitten.
- \* 15 Jier foarsitter fan 'e "Gymnastiekferiening."
- \* 10 Jier by de reserveplysje.

De list fan Fokke Gietema is net minder treffend:

- \* 6 jier bestjoerslid fan 'e "Oranjeferiening", werfan 3 jier as foarsitter;
- \* 9 jier bestjoerslid fan 'e "Iisklub", werfan it grutste part as foarsitter;
- \* 10 jier bestjoerslid fan "Doarpsbelang", werfan 6 jier as foarsitter;
- \* 12 jier tsjerkeredslid, werfan 7 jier as skriba, foarôf gien troch 3 jier snejinsskoallewurk;
- \* 8 jier bestjoerslid fan 'e "Fryske Maatskippij fan Lânbou", werfan de lêste 2 jier as foarsitter;
- \* sùnt 'e oprjochting fan it Wûnseradielkorps, no sa'n 5 jier lyn, lid fan 'e Wurkgroep fan dit korps;
- \* 40 jier lid fan Eensgezindheid, werfan 15 jier bestjoerslid en 12 jier foarsitter .....

Foar dit alles kriegen hja in sulveren spjelde, persoanlik útrikt troch boargemaster Abma.

Offurdigers fan ferskate ferienings sprutsen nei de boargemaster harren lokwinsken út.

Oan 'e ein fan dizze tige goed slagge 28 ste april, sprutsen de beide ridders harren tankwurd. Nea hiene se dizze tiid misse wollen, want as jo wat foar oaren dogge, hâlde jin der sels ek wat fan oer.

It is beslist net altyd wei-jaan west!

•-.-•

Lit jo no net úntmoedigje. Is jo list krekt  
efkes koarter, dan kinne jo ommers altyd noch  
yn oanmerking komme foar in "Skieppestunt".  
En dat is ek net niks!

Hjirby wolle wy tige tanksizze foar de blommen,  
flaggen, goede wurden en foaralde grutte  
belangstelling, dy't wy kriegen hawwe by it  
útrikjen fan de:

"Ere-medaille in de Orde van Oranje Nassau  
in het Zilver"

troch boargemaster Abma, út namme fan de Keninginne.

In 't bysunder it bestjoer fan ús korps, dat de  
huldiging sa feestlik foarelkoar makke hat.  
Foaraal it opheljen mei de iepen auto's, mei it  
korps derfoar, ha we geweldich fún.

Jitris, aan allegear dy't aan dizze grutte fer-  
rassing foar Pier en my meiwerke hat, tige ús  
grutte tank.

Beabuorren, Pier en Reny,  
Singel, Fokke en Tea.

DORPSREISJE TJERKWERD-DEDGUM

Bij genoeg deelname (tenminste 30 deelnemers) hopen we op  
reis te gaan op donderdag 2 september 1982.

Doel is: de Floriade en een rondvaart door Amsterdam. De  
Floriade is een bloemententoonstelling, welke eens in de  
10 jaar gehouden wordt en een bezoek zeker waard.

Vindt u veel lopen vermoeiend, er rijdt een treintje over  
het hele terrein van de Floriade.

De kosten voor het reisje zijn: f 62,50 (voor de bus, kof-  
fie en thee, lunchpakket, diner en rondvaartboot door  
Amsterdam, en toegangsrijs Floriade).

U kunt zich voor dit reisje opgeven tot 31 juli a.s. bij:

dhr. Y. Gietema, tel. 9333; mevr. J. Hijkema, 2862

dhr. B. Huitema, tel. 9376; mevr. M. Roorda, 4139  
mevr. S. Buwalda, 2761

## 100 Jier Beabuorster mole

De mole wurdت yn 1982 100 jier en dit feit freget om betocht te wurdien.

Us Skieppesturtsje, yn gearwurking mei Doarpsbelang, wol der graach omtinken aan jaan. Wy hawwe Pier Zysling ree fùn om foar ús instikje te skriuwen oer de mole. Doe't Zysling úteinsette, kaam der sa'n protte nijs foar 't ljocht yn allerhande âlde kroniken, dat it in hûdfol wurd waard om alles op papier te krijen. Yn dit nûmer de earste ôflevering:

Op 21 april 1982 wie it op 'e dei ôf hûndert jier lyn, dat it bouwen fan de Beabuorster mole gund waard oan môlebouwer Gerben van Wieren út Janum.

It hûndert-jierrich bestean fan ús mole is einliks mar in koart haadstik út in lang ferhaal. In ferhaal, dat al besün tagelyk mei de jiertelling en dat we it bêste neame kinne: "Fryslâns striid tsjin it wetter."

Yn dy tiid, doe't de earste Friezen har hjir nei wenjen setten, lei it grutste stik Fryslân noch foar de see, sa as se dat neamden. De heechste plakken, ek wol kwelders neamd, koene allinne mar bewenne wurde.

It seewetter dat faak ôfhinklik fan de wyn, slinke foarmjend it lân ynkaam, brocht de minsken der ta harren wenstee op te heegjen.

Troch it opheegjen mei grûn, dong fan it fee en oar ôffal, útsein plastic pûden fansels, prebearre men sa lang mooglik boppe it seewetter te bliuwen. Nei de sa úntstiene terpen, makke men ophege paden (wieren) om't, wannear as de hjerststoarmen kamen, men it fee sa lang mooglik op 'e terp krije koe. It sil in lette boer ek wolris úntkomt wêze, sadat der in pear fersúpten, of ien dy't dochs te min hea hie en dat sadwaande net folle skele koe.

Ien ding is wis: as der yn dy tiid K.I. west hie, soe de holle dy't it bêste swimme kôs, grif de measte plussen krije hawwe.

De terpen waarden faak aloan grutter, sadat der doarpen op úntstiene. Mar om 'en-de-by it jier 1.000 begün men meer mei it meitsjen fan diken fan de iene terp nei de oare; it earste begjin fan ynpolderjen.

Wer't sa'n dyk dan in slinke krúste, waard in útwetteringsslüs (of syl) makke, dy't by floed ticht kaam. Troch it (hieltyd) langer meitsjen fan dizze diken, binne letter de binnediken úntstien (himdyk, slachte-dyk).

Hjirnei is men begün de see dèr te kearen, wer't hy it lân ynkaam; de earste seediken, faak gebrekkich, waarden makke.

It is amper foar te stellen, dat de minsken al dy terpen, binnediken, slioper-seediken, mei it ark fan doe, makke hawwe. De skeppe, yn it begjin de draagbaar (burde) en letter de kroade, wie it iennichst ark wat ja hiene.

Nee, it gyng al justjes oars as no mei de "Atlas 1702" fan Ule Haarsma.

Mar hoe meer seediken as der kamen, hoe meer únien-nichheid (rúzje). Op it iene plak moasten de boeren de seedyk ûnderhâlde, wer't har lân oan grinze, op oare plakken die men dit per doarp of gritenij.

Fjáral tusken de "binnedikers" en de "bûtendikers", dit wiene de minsken dy't oan wearskanten fan de binnedyk (slachte) wennen - dy't fan de Kliuw nei Easterbierrum rún - wie't altyd heibel. Wat koene dy "binnedikers" dy seedyk skele, se sieten feilich efter harren slachtedyk.

Lang om lëst ferhipten se it allegearre te beteljen en te ûnderhâlden en rekke de seedyk gâns yn ferfal.

By elke stoarm wie it wer raak. Sa wiene der yn de 13e ieuw: 20 floeden; yn de 14e ieuw: 8; de 15e ieuw: 15 en yn de 16e ieuw: 20 floeden, dy't dwers troch de seediken hinne giene.

Doe't yn 1570 de "Allerheljen-floëd" tasloech, like it mäl: jo koene wol skean-oer wynsurfe fan Lemmer nei Harns.

No wie it yn dy 16e ieuw oars ek net sa rēstich; want doe't yn de earste helte fan dizze ieuw Grutte Pier wat úttjirge wie, duorre it net sa lang as Alva kaam hjir yn 1567 mei 10.000 man. Alva kaam wol út Spanje, mar wie no bepaald gjin "Goed Heilig man."

Hy rûn mei in listke yn 'e búse en dêrop stiene Prins Willem - Egmond en Hoornen boppe aan.

Doe't Alva hearde fan de oerstreamingen yn Fryslân, makke hy Kolonel Caspar de Robles gouvernsur oer gewest Fryslân.

Doe't it wetter wer wat òfsakke wie, pakte dizze man alles tagelyk oan; liet ferskate kanalen grave en ferparte de stikkene seedyk yn 11 parten en sette op elk part 300 man oan 't wark. It reinde protesten en âlde akten; de boeren ferhipten it om foar dy Spanjool te arbeidzjen.

Mar de Kolonel joech nearne om, sette 7 galgen op 'e see- dyk en sei: "No ien fan beiden: dykje of hingje."

Doe wiene se frij gau út 'e rie en yn in goed jier tiid wie alles wer ynoarder.

Fuort by Harns waard letter in tinkstien op 'e seedyk setten. In byld mei twa hollen "de Stiennen Man" ien antlit nei it Noarden, it oare nei it Suden; dêrûnder stiet "Terminus" (grinsbeskermer, it einpunt).

Mar it siet de Spanjaarden net mei, want wylst Piest Hein yn de "appeltjes van oranje" omreage, gyng de see al ridlik gau oer Casper syn seedyk te set. De Fryske modderkluten wiene sa hurd net as de stienklompen fan de Costa Brava en in Noardwester stoarm jage it wetter op 'e nij oer en troch de dyk.

Letter yn de gouden ieuw waard de seedyk beskerme mei 6 meter lange peallen; haal Fryslân omtrint omsluten troch seepeallen.

Mar doe't de lytste en tagelyk de grutste fijân fan de Fryske seeowering "de paalworm" hjir oan begûn te fretten, wie ek dit grutte en djoere kerwei foar neat west.

De grutte floed fan 1825 knapte de peallen by rigels tagelyk ôf; jage de hiele Súdwesthoeke fol wetter, sadat de boeren út de marren mei har fee, yn 'e nacht in hinnekomen sykje moasten op de tsjerkhôven fan Ferwâlde, Gaast en Piaam.

Doe't ek de slachtedyk it bejaan woe, waard yn  
Lytsewierrum dy nachts de klok lieden. Mei man en  
macht koe sa Hennaarderadiel noch krekt foar de  
floed bewarre bliuwe.

Doe't nei dizze floed besluten waard de seedyk mei  
basalt te bekleien, koe men einliks sizze, dat we  
hjir feilich foar de see wiene.

No hie men yntiid yn it lân efter de seedyk ek net  
stilsitten; der wiene lytse en grutte polders foarme.  
Men moast yn dy polders mear en mear tsjin it rein-  
wetter yn 'e slach, dat foarhinne mei it seewetter  
ferrûn, mar no opsluten siet.

Der wie in boezem foarme, dy't bestie út fearten-  
kanalen-puollen en marren.

De earste molens, faak gebreklich yn it lêst fan de  
17e ieuw bouwt, koene it polderwetter (krite of  
binnewetter) yn dizze boezem (bûtewetter) mealle.

Fanút dizze boezem gyng it wetter, as it tij en de  
wyn dat taliet, fia sluzen de see yn.

It wetterskip "Exmorra", war't de Beabuorster mole  
yn thús heard, is úntstien út de polder de Exmoarster-  
him. Dizze "him" waard fan 't Suden en Westen be-  
grinze troch in himdyk, dy't fan Tsjerkwerdersyl  
(PEB-hokje) nei Exmoarstersyl rûn, (letter foar in  
part weiwerden mei it graven fan it van Panhuyskanaal  
yn 1877.

De Noardkant grinze oan de Skraarderhim en it Easten  
rûn langs de Boalsertertrekfeart, in âlde Marne-  
útrinner, fan âlds in útrinner fan de Marne.

De Exmoarsterhim waard bemeald troch ferskate  
wettermolens, lyts en grut, eigendom fan boeren  
of kombinaasjes fan boeren.

Fryslân telde yn 1811 sa'n 2445 molen, werfan  
806 mei in skeprêd. Hjirfan stiene 222 yn Wûnse-  
radiel. Hieltyd mear fan dizze molen rekken yn  
ferfal, ek al omdat de hier-boer se faak oernimme  
moast en de 19e ieuw wie no just gjin gouden ieuw.

Op mear en mear plakken gyng men oer ta it op-  
rjochtsjen fan in wetterskip, mei ien ef twa grut-  
te molen.

Sa begjint dan ek it ferhaal fan it wetterskip "Exmorra" en dérmei it ferhaal fan de "Beabuorster mole" op it earste bléd fan it notuleboek:

- In den Jare Eenduizen achthondert negen en zeventig den vier en twintigsten Februarij des voormiddags tien uren Companeerden in het "hof van Holland" te Bolsward volgens advertentieën in den Bolswardsche Courant de Eigenaren van gronden gelegen binnen de begrenzing ensf. ensf.

Yn dizze fergadering waard as foarlopich bestjoer keazen: de hearen J. Binkes, R.H. Zijsling, P. de Jong, H. Boersma en Y. Galama.

De earste stappen dy't dien waarden, wiene: de âlde boeremolen oernimme en ôfbrekken en it stichtsjen fan twa nije grutte molen, wer't de Beabuorster ien fan is.

Hjiroer in oare kear mear.

& & &

#### NIJE YNWENNERS

Dag Tjerkwerders,

Wij, Gerben en Gjettje Dijkstra-van der Veen, wonen al vanaf 11 maart aan de Waltaweg op nr. 7; iets wat ons prima bevalt.

Hij is 24 jaar oud en van geboorte Kubaarder; zij is 22 jaar en van geboorte Dedgumse.

Beide werken we bij de Rabobank: hij in Holsward en zij in Sneek.

Door collega's worden wij betiteld als "bankstel."

Hopende nog een mooie tijd in Tjerkwerd te hebben, groeten wij iedereen,

Gerben en Gjettje.

Biljartoemp. '81 - '82:

Het afgelopen seizoen werd kampioen met 47 punten:

R.G. de Jong; 2de met 46 punten: D. Poelstra; 3e werd M. Brandsma met 41 punten; 4e met 40 punten: J. Reidsma.

/"/"/"/

Gediplomeerd gezinsverzorgster zoekt werk voor hele of halve dagen; wel bij oudere of jongere gezinnen.

Vanwege de bezuiniging van de regering kan ik bij de stichting niet aan de slag komen.

Wie hulp nodig heeft of hulp graag wil, bel dan: 05157-3197.

Sipkje Bakker.

ORANJEVERENIGING:

Het verlate verjaardagsfeestje van koningin Beatrix op 30 april, waaraan alle landgenoten mogen meedoen, was in Tjerkwerd ook dit jaar weer volgens de aloude formule opgezet.

Een formule die tewezen heeft, de tand des tijds te kunnen doorstaan, zonder vervelend te worden en die daarom terecht gehandhaafd wordt.

Om negen uur van deze prachtige dag, tegen we onder de sfeervolle klanken van ons muziekkorps naar het sportterrein, waar in een tentje diverse consumpties genuttigd konden worden.

Was de opbrengst vorig jaar nog voor de inmiddels goed van de grond gekomen peuterspeelplaats, nu waren de inkomsten bestemd voor reeds bovengenoemd muziekkorps "Eensgezindheid".

Na een eerste kopje koffie werd het zo tegen tienen echt menens en kon iedereen zich naar hartelust uitleven in zijn of haar favoriete sport, terwijl de schoolkinderen met diverse spelletjes werden beziggehouden.

Hier volgen de uitslagen:

#### SPELLETJES:

Jongste kleuters: 1. Martine Hijlkema; 2. Eduard Witteveen.

Oudste kleuters: 1. Rogier v.d. Weg; 2. Jan Germ Hofstra.

Klas 1 en 2: 1. Sjoerd Huisman; 2. Matthijs v.d. Wag;  
3. Marco Burghgraef.

Klas 3 en 4: 1. Joost Huisman; 2. Nico Postma;  
3. Niek de Boer.

Klas 5 en 6: 1. Thomas Burghgraef; 2. Marcel Mekking;  
3. Anno Galama.

• • • • •

Het kaatsen, onder vakkundige leiding van de heer D. Walsma, bracht de volgende uitslagen:

1e prijs: Meindert v.d. Wal, Bouwe Jan Bouma, Sjoerd Nauta;

2e prijs: Henk van 't Zet, Sjoerd Bakker, Menno Poelstra;

3e prijs: Age Gietema, Klaas Nauta, Bertus Walsma.

#### JEUGDKAATSEN:

1e prijs: Thomas Burghgraef - Reinold Poelstra;

2e prijs: Tjitze Bouma - Herke Bakker;

3e prijs: Anno Galama - Bouwe Speerstra.

Uitslagen VOLLEYBAL:

1e prijs: Sjirry Hiemstra, Karin Velema, Cilia Huitema, Ieke v.d. Wal, Erik Hendriks, Wim Steggerda;

2e prijs: Enne Feenstra, Bart Gietema, Jan Galama, Tineke Visser, Bea Gietema, Antje de Jong;

3e prijs: Rikus Rudolphi, Bernard Algra, Huub Witteveen, Iet Galama, Anneke Goeman, Pytsje Feenstra.

Tijdens deze aktiviteiten werd er om één uur in het Waltahûs een poppenkastvoorstelling voor de kinderen gegeven. Het succes, welk dit gebeuren vorig jaar had, werd duidelijk geëvenaard, zo niet overtroffen. Klasse!

Om drie uur werd het dagprogramma afgerond met de traditionele voetbalmatch tussen gehuwd en ongehuwd. Tjerkwerd. Op voortreffelijke wijze gearbitreerd door de heer Riemer Haagsma, verrasten de getrouwden op imponerende wijze. Onder leiding van door de wol geverfde en geslepen routiniers als Gietema, Dijkstra, Schukken, werden de meest listige spelpatronen op de mat gelegd.

De meer op conditie gebaseerde aanvalsgolven van de tegenstander werden daardoor op afdoende wijze in de kiem gesmoord.

Een terecht toegewezen, door Wim Steggerda benutte, penalty was de kroon op het werk. Eindstand: 1-0.

's Avonds werd men op bekwame wijze vergast door de Makkumer Krite, die het toneelstuk "Sa't de heit sjongt pipet de soan" brachten.

De dag werd op muzikale wijze afgerond door "De Vots's".

Er werd nog tot ver na twaalven gedanst en gedronken, maar toen lag nu verslaggever, al lang in zijn nest, met de wetenschap, dat Hare Majesteit op een uiterst geslaagd feestje kon terugkijken.

H. Feenstra.

## Kofjekonsert

### "EENSGEZINDHEID"

## Kofjekonsert

Snein 4 july, de moarns om 11 oere jout ús korps in konsert yn it Waltahús.

Under it genot fan in bakje kofje kinne jo de "Eensgezindheid"-klanken belústerje.

Ek ús jeugdleden sille inkelde númerkes nei foaren bringe.

Dus, minsken fan Tsjerkwert en omkriten: as jim kinne dan der hinne en 4 july de kofje net thús, mar yn it Waltahús!

It bestjoer.

## Kofjekonsert

## Kofjekonsert

Jeanet en George Volbeda  
willen langs deze weg, fa-  
milie, vrienden en kennissen  
hartelijk danken voor de ve-  
le kado's, bloemen en kaar-  
ten, die wij mochten ontvan-  
gen bij de geboorte van onze  
zoon DIES

Eemswouderlaan 4,  
8765 LT Tjerkwerd.

Langs deze weg wil  
ik een ieder bedan-  
ken voor alle bezoek,  
kaarten, bloemen en  
attenties tijdens  
mijn verblijf in het  
ziekenhuis en thuis-  
komst.

Hartelijk dank,  
Hijlke Schakel.

## BOARGERLIKE STAN:

It oantal ynwenners fan 'e Sylroede hat him tige útwreide:

HILLE en LUTSKE SCHAKEL krigen der 27 maaie twa famkes by:  
LYBRICH en WELMOED. As we Rixt Nynke der efkes bytelle, is dat no in petoer. Doe't de redaksje fergadere, wie it ûnwaar ky GEART en RIKA FABRIEK; sy krigen in famke, dy't de namme FEIKJE meikrige.

RINSKE GIETEMA en PETER SCHLEBAUM hawwe de lapen gearsmiten en harren nei har troudei, yn Vlaardingen festige.

ERICA SCHAKEL en JEHANNES BEETSMA sille op 25 juny de lange hier yn.

Op 5 juny ferstoar ús âldste ynwenster Richtje Tolsma-Hendriksma. Se waard 92 jier.

( ) ( ) ( )

#### Snypsnaren:

Baukje Gietema rekke nei't doarp om sjerp, want Hein en Akke soene potstrou ite. De pôt mei sjerp efterop de fyts en de reed net al te sljucht.

It lid rakke fan de pôt en de sjerp joech oan wer't Baukje fytst hie. Doe't hja thús wie, siet der noch in bytsje yn. Kommentaar fan Baukje :

O, sa ha we joed noch wol genôch.

- Hille Schakel hat dûmny Nijenhuis frege om fan auto te ruiljen.

- Sjoerd Buwalda hat fan dy nijmoadrige greate pakken kuil maitsje littin, want Sjoerd waard te swier; hy koe net mear tusken de snijer en it blok.

- De premiere fan Kikstra as persfotograaf bij't ridderjen slagge net. De hâlding wie prima, mar de flitser die it net.

- plysje Kloosterhuis is al in moai skoft fuort, mar we kinne gerêst wêze, want ús doarp hat in nije resjersjeur yn de persoan fan Hylke F. Hylke pakte okkerdeis op 'e fémerk in pear oer-fallers, dy't in âlde keapman it boekje ûntstielten.

- sa, Marten kin rêtich op fekânsje!

- mar der is mear wurk : in dief dy't iel út 'e bak bij de Haas stelle woe, sette de alarmynskallaasje yn wurking, skrok him healdea en batste dwers troch de trekfeart; súnder iel. De Haas moast earst komme om de toeter it swijen op te lizzen.

- tinke Jo der om dat de nieuwe kopy der foar 15 augustus wer is ?



10